

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: Transparânsje en finânsjes Waadfûns
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Fan ferskate organisaasjes krijt de FNP-fraksje it sinjaal dat der net safolle transparânsje nei bûten ta is oangeande it takennen fan punten foar subsydzjes út de jilden fan it Waadfûns.</p> <p>Fierder hat de FNP-fraksje konstatearre dat der op de balâns fan it Waadfûns in bedrach fan € 112 miljoen stiet en dat it totale saldo oan likide middels en deposito's neffens de jierrekken 2018 op 31/12/2018 € 182 miljoen wie. Neffens ús ynformaasje giet it by dat bedrach foar fierwei it grutste part om jild dat noch oan subsydzjes foar ekology en ekonomy útjûn wurde moat.</p> <p>Dêrneist sil de kommende jierren (oant 2026) alle jierren € 28.878.000 as desintralisaasje-útkearing fan it Ryk ynkomme by it Waadfûns. Ek is der alle jierren in protte frijfal, omdat projekten net trochgean of omdat net alle jild nedich is.</p> <p>As wy lykwols nei de mearjierrebegrutting oant en mei 2024 sjogge, dan sil alle jierren net mear as sawat € 29 miljoen útjûn wurde troch it Waadfûns. Dat betsjut, dat it 'stuwmar' oan reserves sa net útjûn wurdt.</p>
Fraach / fragen	<p>1. Kinne DS der by it DB fan it Waadfûns op oanstean dat de prosedure foar oanfragen helderder wurdt? Bygelyks mei it publyk meitsjen op de webside fan it Waadfûns fan it oantal punten dat jo foar ferskate ûnderdielen 'fertsjinje' kinne by de beoardieling fan oanfragen?</p> <p>2. En fierder, wolle jo befoarderje dat de kommunikaasje nei oanfreger fan subsydzje ta yn alle iepenens ferrint, oer de punten dy't men krigen hat foar de ferskate ûnderdielen en wêr't it oan ûntbrekt?</p> <p>3.</p> <p>a. Is it Waadfûns noch altyd fan doel om alle har tabetroude middels foar it waadgebiet út te jaan foar 2027 (dus ynklusyf de op dit stuit al opboude reserve fan mear as € 100 miljoen)?</p> <p>b. Sa ja, hoe wol it DB fan it Waadfûns dat realisearje?</p> <p>c. Wurdt der ek tocht oan it omheech bringen fan de subsydzje-plafonds?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	3 july 2019
-------	-------------